

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Kielstra
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	De Warren te Burgum Okkerdeis stie yn de Ljouwerter Krante in opiny-stik te lêzen fan in stikmannich ynwenners fan Burgum oer de saneamde bouplannen foar Burgum-West, ek wol de Warren neamd. Yn dit stik wize dizze ynwenners op it kwetsbere gebiet fan Burgum West, benammen foar greidfûgels, en wize hja der op dat der noch genôch mooglikheden foar bou fia it saneamde ynwreidzjen yn Burgum sels binne. De FNP is mei dizze minsken fan betinken dat nijbou yn dit gebiet net moatte soe. De FNP Steatefraksje hat datoangeande in tal fragen foar it kolleezje fan DS:
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it romtelik-planologysk op dit stuit neffens it jildende provinsjaal belied mooglik om it plan de Warren westlik fan Burgum mei 300 wenten te realisearjen?2. Is de provinsje bekend mei de plannen fan de gemeente Tytsjerksteradiel oangeande de Warren?3. As it antwurd op fraach 1 Nee is, soene wy graach in taljochting ûntfange wolle op de fraach wat dan noch nedich is om dit romtelik-planologysk wol mooglik te meitsjen?4. As der noch in eigenstannige ôfwaging troch de provinsje makke wurde moat om De Warren mooglik te meitsjen, wat fynt it kolleezje fan dizze ûntjouwing?5. Is it kolleezje mei de FNP fan betinken dat de realisaasje fan De Warren westlik fan Burgum net trochgean moat, mar earst sjoen wurde moat nei ynwreidingslokaasjes yn Burgum sels?6. Wat seit it nasjonale en provinsjale belied (de saneamde ljedder) oangeande dit soarte fan nijbou yn it kwetsbere bûtengebiet?7. Hokker rol spilet de nije omjouingsfisy en de feroardering n.o.f. de omjouingsfisy by de ûntwikkeling fan De Warren?8. Kin Provinsjale Steaten it folbouwen fan it kwetsbere gebiet westlik fan Burgum noch keare?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, K. Fokkinga
---------------	---

Datum	11-12-2018
-------	------------